



Ferslach jiergearkomste FFU, moandei 20 maart 2017

Plak: Grand Café Wouters, Ljouwert (foar it stasjon oer)

Tiid: 20:00 oere

Oanwêzich: *Tom Dykstra* (foars.), *Sytze T. Hiemstra* (skr.), *Ed Knotter* (pongh.), *Jehannes Elzinga*, *Tjallien Kalsbeek* (Dingtiid), *Freddy Weima* (Dingtiid), *Anna Marike Dykstra*, *Pytsje de Graaf*, *Alex Riemersma* en *Renze Valk*.

Berjocht fan behindering: *Koop Scholten*, *Geart Tigchelaar*, *Wolter Jetten*, *Liskje Flapper*, *Jannes van der Velde*, *Ruurdsje de Haan*; *Jelle Bangma* hat him de oare deis ûntskuldige (wie wol fan doel om te kommen, mar moast op 't lêst driuwende saken foargean litte).

1. Iepenjen

De gearkomste begjint justjes letter om 't ús gastsprekker net earder mei de trein yn Ljouwert komme koe. It is kertier oer achten as foarsitter Tom Dykstra de oanwêzigen wolkom hjit en de jûn iepenet. Wy sitte mei tsien minsken om 'e tafel en de foarsitter memorearret dat de FFU fan 't jier 30 jier bestiet. De feriening is nammentlik oprjochte yn 1987, doe't betocht waard dat sûnt 1937 ûnderwiis yn it Frysk mooglik wie. Nettsjinsteande dy 50 jier wienen guon ûnderiislju en âlden lykwols lang net tefreden oer de posysje fan it Frysk yn de basisskoallen en kaam it ta it oprjochtsjen fan de FFU.

2. Ynlieding fan dhr. F. Weima (Dingtiid) mei diskusje

As direksjefoarsitter fan *EP-Nuffic* wurdt Freddy Weima koart oan ús foarsteld. Dy organisaasje is ûntstien troch in fúzje fan *Nuffic* mei it *Europees Platform* (ynternasjonalisearing yn it ûnderwiis). Jûn is er yn ús fermidden as fertsjintwurdiger fan Dingtiid, mei assistinsje fan Tjallien Kalsbeek. It sil benammen gean oer it Dingtiid-rapport *Meartaligens as kwaliteit en doel*.

Der binne yn it rapport advizen formulearre foar de oerheid, mar dêr is noch gjin formele reaksje op kommen. Der is besocht om in nij perspektyf te finen dat foar mear druk soargje kin om sa de sleuwers te trochbrekken. Dêrom is de klam kommen te lizzen op *meartaligens* as útgangspunt en útdaging. Dêr bestiet lykwols noch gjin strukturearre systeem foar. Wa fielt him ferantwurdlik? En hoe komt it mei de trochgeande line? Alex follet oan dat fuortsetting by Stenden en NHL (mooglik nei fúzje) needsaaklik is mei in goede ynfolling fan it Pabû-kurrikulum.

Dingtiid sjocht ek nei oare foarbylden yn Europa (bgl. Wales), mar dêr is it faak oars organisearre. Yntroduksje fan in saneamde *Taalskipper* by de provinsje soe faaks wat nijs opsmite kinne. It soe bêst kinne dat mei de komst fan de nije kommissaris fan de Kening (Arno Brok) de wyn út in geunstiger hoeke waaie sil. Weima wiist ek op it kwaliteitsperspektyf (meartalige Pabû), dêr't de ynspeksje in rol yn kriget.

Pytsje jout oan hoe dreech oft it bytiden leit yn it oerlis mei de skoallen (skoalbestjoeren). Skoallen geane *minimaal* mei wet en regels om en âlden litte har net maklik organisearje.

Alex ornearret dat wy (de FFU) de âlden oan 'e kant stean litten hawwe. Dat is lykwols gjin earlik

ferwyt. De ombudsfunksje fan de feriening is mislearre, omdat it in ûnmooglike opjefte wie. By aksje fan de kant fan de FFU wolle yndividuele âlden der net op oansjoen wurde en binne se benaud dat harren bern dêr lêst mei krije kinne op skoalle.

De krityk fan de FFU op it *Dingtiid*-rapport komt skriftlik en sil ek nei de provinsje (dep. Poepjes) stjoerd wurde.

3. Skoft (mei in feestlik stik oranjekoeke)

Yn 'e twadde helte fan 'e jûn komt it húshâldlik part oan bar.

4. Ferslach fan de jiergearkomste op 26 maaie 2014

De jierferslaggen oer 2015 en 2016

Út 'e wiidweidige ferslaggen docht bliken wat de FFU by de ein hat en hoefolle wurk oft der ferset wurdt. Dêr is wurdearring foar. De ferslaggen wurde fêststeld.

5. Finansjele oersjoggen fan 2015 en 2016

It saldo is yn de ôfrûne twa jier frijwat tebekrûn troch njonken de gongbere (ûn)kosten ek de FFU-bydrage oan de *Sis Tsuis*-demonstraasje yn desimber 2016. Dêr komt by dat de kontribúsje oer 2016 noch mar troch inkelde leden betelle is. Om't ferline jier gjin ledegearkomste holden is, is ek de oprop om te beteljen letter ferstjoerd. Ferwachte wurde mei dat dy efterstân meikoarten ynrûn wêze sil. Wy binne der wiis mei dat gâns leden mear betelje as tsien euro yn 't jier.

Dêrmei is ien fan 'e opmerkings dy't Wolter Jetten skriftlik trochjûn hie, beantwurde. In oare opmerking fan Jetten gie oer de deklaraasjes fan bestjoersleden, dy't mei-inoar in grut part fan it budzjet útmeitsje. It is lykwols de iennichste fergoeding dy't de bestjoersleden krije foar makke kosten (en dat binne haadsaklik reiskosten, € 0,19 de km). Dêrsûnder soe it noch dreger wurde om it wurk foar de FFU dwaan te kinnen.

Diskear hat de kaskommisje (deselde as twa jier ferlyn) de boekhâlding oer twa boekjierren kontrolearre. Pytsje de Graaf wiist derop dat it winsklik is dat leden fan 'e kaskommisje troch de ledegearkomste beneamd wurde. Tenei sil mei dy opmerking rekken holden wurde. De kaskommisje hat ynstimd mei de boekhâlding en de ponghâlder en de ponghâlder wurdt ûntlêstge. Dêrmei binne de finansjele ferslaggen oer 2015 en 2016 fêststeld.

6. Resultaten FFU-enkête

De respons op de FFU-enkête is likernôch ien tredde en dat binne útsoarte de meast belangstellende leden. Sa't yn de *konklúzje* sein wurdt, moatte de resultaten mei in kerrel sâlt nommen wurde, mar dy jouwe al in yndikaasje. Der is by leden en bestjoer grif ienriedigens oangeande it doel (lykweardigens en lykberjochtiging), mar al it krewearjen docht te min fertuten; al moat dêr by sein wurde dat it lân mei it Frysk yn it ûnderwiis der sûnder de FFU grif (noch) minder foarlein hie.

7. Takomst FFU

Oangeande de fraach '*Hoe fierder mei de FFU?* ', hat de enkête spitigernôch gjin nije ideeën en nammen foar nije bestjoersleden of it (aktyf) jaan fan help opsmiten. It deistich bestjoer sil him dêr fierder oer beriede.

8.& 9. Op it aljemint en omfreesjen

Der wurde gjin nije punten op it aljemint brocht en der is ek neat foar it omfreesjen. De foarsitter sprekt syn tank út oan de bywêzigen foar harren bydrage, winsket eltsenien in wol thús ta en slút de gearkomste.

Ed Knotter & S.T. Hiemstra, De Sweach/Drachten, 2017

